



Motie ex artikel 36 Reglement van Orde voor de vergadering van de gemeenteraad van Heerenveen

**Van** : FNP

**Aan** : De voorzitter van de raad

**Agendapunt** : REC Harns

**Onderwerp** : frjemd oan de oarder fan de dei

**Datum raadsvergadering** : 15 februari 2016

**Oerwagende dat:**

- Dat der by it REC yn Harns regelmjittich steuringen binne.
- Op 1 en 2 oktober dizze steuring oanwiisber laat ha ta in gruttere útsjit fan dioksine, sels mear as de wetlike noarm.
- Der in ferbân is tusken de steuringen en de ferhege emisje.
- Der in soad ûnrêst is by de ynwenners fan Harns en omjouwing is oer dizze ferhege emisjes.
- Der technyske mooglikheden binne om de kâns op steuringen en emisje te ferlytsjen.

**Stelt fêst dat**

- Omrin yn in petear mei Omrop Fryslân oanjûn hat dat der yn it proses fan de ôffal oven noch romte is foar ferbettering.
- De gemeente Hearrenfean oandielhâlderfan Omrin is en dermei ek in ferantwurdling hat oangeande de bedriuwsfiering fan it REC.
- Oerheden de ferantwurdlikheid hawwe om te lústerjen nei de maatskiplike ûnrêst.
- De gemeente as oandielhâlder Omrin oansprekke kin op har belied.

**Fersiket it kolleezje**

- Om Omrin te fergjen dat de organisaasje per direkt maatregels nimt dy't der foar soargje sille dat der minder steuringen plak fine sille en
- Om Omrin te fergjen dat de organisaasje per direkt maatregels nimt dy't de gefolgen fan de steuringen beheine.

Deze motie is:   ☐ Aangenomen   ☐ Verworpen   ☐ Ingetrokken

Stemverhouding: Fractie(s) voor: \_\_\_\_\_ Fractie(s) tegen: \_\_\_\_\_

Handtekening griffier: